

COLUMN



OTTO VISSER ACCOUNTANTS

Huidige loonpolitiek kent maar één winnaar: de overheid

De inflatie in ons land loopt dik in de dubbele cijfers en is van ongekende hoogte. Dit betekent simpelweg dat je met een euro steeds minder kunt kopen. Met name de gestegen energieprijzen zijn de boosdoener.

De reactie van de overheid, mede gedreven door de inzet van de vakbonden, is een pleidooi voor sterke loonstijgingen. De redenering is dat hogere lonen zorgen voor meer koopkracht en extra economische groei.

Op deze logica valt echter het nodige aan te merken. Forse (minimum)loonstijgingen moeten door het bedrijfsleven worden opgehoest. Dezelfde bedrijven die de afgelopen maanden geconfronteerd werden met sterk stijgende energielasten. Dat heeft tot gevolg dat het rendement van bedrijven onder druk komt te staan. De enige uitweg is dan verhoging van de prijzen, waarmee de inflatie verder wordt aangejaagd. Hier lossen we de huidige problematiek niet mee op. We komen in een loon/prijs spiraal terecht waar consumenten noch bedrijven wijzer van worden.

Daarnaast vraag ik mij af waar de overheid zich mee bemoeit. Lonen komen in de markt tot stand, daar moet de overheid zo veel mogelijk buiten blijven. De opgelegde loonsverhogingen kunnen voor sommige sectoren van het bedrijfsleven uiterst kwalijke effecten hebben. Denk bijvoorbeeld aan de voor ons land belangrijke export. Hogere lonen maken de export duurder. Dat zorgt voor minder winst, minder nieuwe banen, minder investeringen en dus minder groei.

Mijn mening is dat een algemeen overheidsbeleid, gebaseerd op loonsverhogingen, een doodlopende weg is.

Er zijn andere methoden om het koopkrachtverlies te verkleinen. Zoals belastingverlaging. Of verlaging van de BTW. Daar heeft elke consument direct voordeel van. En als we willen dat de mensen met een minimuminkomen extra voordeel moeten hebben, dan kunnen we de belastingverlaging differentiëren naar specifieke groepen. De overheid zou bijvoorbeeld, al of niet tijdelijk, de belasting voor werkenden met een laag inkomen op nul kunnen stellen. Dit verkleint de inkomenskloof en is een stimulans om te werken.

Mijn conclusie is dat het huidige overheidsbeleid een verkeerde route is. Het bedrijfsleven, dat toch al onder zware druk staat, betaalt de rekening van de maatregelen. De beoogde koopkrachtverbetering voor burgers wordt niet gerealiseerd, in ieder geval niet in de mate waarin het wordt voorgespiegeld.

Zijn er dan helemaal geen winnaars van het huidige beleid? Ja, toch wel! Als de belastingen en de BTW niet omlaag gaan, dan is er één winnaar. Niet het bedrijfsleven, niet de burger, maar de overheid...

BILJERTE YN IT MIENSKIPSHÛS YN KÛBAARD FIELT KREKT AS THÛS
“DE MANLJU KAMEN M EI DE TOFFELS ÛNDER DE EARM NEI IT DOAR PSHÛS”

Sa waarm en húslik as it biljerten yn Kûbaard eartiids begûn, sa is it no noch altyd. Al binne de toffels ferdwûn, it docht dochs húslik oan, hjir yn it Mienskipshûs. Fan dei ien ôf oan yn 1958 is it doarpshûs it thúshonk foar de Kûbaarder biljerters. It wurd ‘mienskip’ koe net better útsocht wêze foar it doarpshûs, want wêr’t ik tocht dat biljert in fanatyke sport wêze soe, litte de Kûbaarder biljerters my witte dat it folle mear is dan dat.

“Der wie in boer yn it doarp dy’t in biljert oanbean oan it doarpshûs. Sa is it begûn”, begjint biljertter Sietse Halbersma. “Yn 1958 waard ús biljertferiening oprjochte troch Rinze van Dijk en Gerrit Dijkstra. Yn it begjin wie der in A- en B-groep, in goeie en in minder goeie groep, dy spilen op de jûn. En oerdei wie der biljert foar de âlde mannen dy’t oerdei neat te dwaan hienen. Sy kamen mei de toffels ûnder de earm nei it doarpshûs. Dan dieden sy de klompen út, toffels oan en spjelden sy de hiele middei biljert.”

MANLJU- EN FROULJUBILJERT
Yn de begjinjierren wie biljert allinnich foar manlju. “Froulju mochten net meidwaan, want dan koenen de manlju net fryút prate”, leit Sietse Halbersma út. En ek no hat Kûbaard noch altyd in aparte manlju-, froulju- en senioren-groep. Al hoecht dat tsjinwurdich net mear te betsjuten dat der by de manlju gjin froulju meispylje. Dat hinget fan it nivo ôf. Annette Lugtenborg spilet as iennige frou by de manlju op tongersdei. Annette: “Ik ben bij de dames begonnen, maar dat schoot niet op. Dus ben ik overgestapt naar deze groep.



In diel fan biljertferiening ‘De fleanende bal’

Dat vonden ze geen punt.” Sietse: “At je goed binne, binne je goed. Dan makket it net út at je frou of man binne.”

FRYÛT PRATE
Der wie in tiidsje it idee en gearfoegje beide groepen, mar dat woenen dit kear de froulju net om deselde reden as de manlju; fryút prate kinne. Annette tinkt

oan har begjintiid by de feriening. “Wat ik mij nog kan herinneren was onze eerste competitiewedstrijd tegen Burgwerd en Itens. Dan wist ik dat de anderen mij onderschatten. Ze dachten, dat win ik wel. En dan won ik. Dat gaf een heerlijk gevoel.”

OER KIJ EN STRONT
Kompetsysje spylje dogge de Kûbaarders noch hieltyd. Al duorre it efkes foardat it wer op gong kaam nei koroana. Yn desimber spilet de ploech tsjin Burgwerd. En dêr hâlde de spilers it by. Sietse: “By guon oare klups gie it allinnich oer kij en oer stront.” En dat dat hjir net sa is, blykt út de petearen dêr’t ik my by oanslút.

Halbe Algra en Sietse Halbersma drinken in bierke oan’e bar en hawwe it oer it spultsje sels.

Halbe: “It is in hiel ferslavend spultsje.”
Sietse: “Dêrnêst binne jo der efkes út en jo hearre noch wolris wat nijs út it doarp.”
Halbe: “Der bestean ek wiere biljert-junks fan yn’e tachtich, dêr ferlies ik fan. Dy kinne har sa goed konsintearje, dat is wichtich.”
Sietse: “Gerrit Dijkstra, dy koe dat. Dat wie krekt in seehûn, dy’t ûnderdûkte. Dy klapte de earen ticht en elkenien hie de gek mei him, mar hy lústerde nearne



Sietse Halbersma en Halbe Algra yn petear

nei. Hy wie super-konsintrearre op it biljerten. Dat makke him wol in goeie spiler.”
Halbe: “Úteinlik is elkenien goed yn biljert.”
Sietse: “Wist noch hoe’t it biljerten begûn is yn 1958? Mei trije aaien.”
Halbe laket.
Sietse: “Yn 1988 fierden wy it tritichjier- rich bestean fan de biljertklup. Myn broer hat doe in tekening makke mei Gerrit Dijkstra en Rinze van Dijk. Doe hiene se dat betocht as grap.”

“IK TINK DER WOLRIS OERNEI OM ÛS STÂL OM TE BOUWEN TA IEN GRUT HÛS WÊR’T FERSKILLENDE MINSKEN TEGEARRE WENJE KINNE”

Halbe: “Hast ek ballen wêr’t in gewichtsje yn sit wat út it midden wei sit. By my hawwe jonges der wolris in grapke mei úthelle. Dan fielt it as sit der in kûle yn.”
Sietse: “Dat heart derby.”

TSIEN OER READ
In stikje fjirderop wurdt der ‘tsien oer read’ spile. Dat seit my neat, dus leit Sjoerd Zondervan it út wylst hy it foardocht. “Sjoch, wy spylje allegear mei dizze wite bal mei stippen. Dêrmei moatte wy earst de reade bal reitsje en dan de wite. Slagget dat, dan krigest in punt. Wa’t it earst tsien punten hat, wint. Dat liket maklik, mar kinst ek gau dyn punten ferlieze. Stel, ik ha fiif punten en dêrnei reitsje ik de reade bal net, dan bin ik al myn punten kwyt. Do begrypst dat it spultsje dus wol de hiele jûn duorje kin.”

JONGEREIN
Wat my opfalt is dat Sjoerd in jonge tsjinspiler hat. Roan Lichthart is mei syn njoggentjier jier de jongste en iennige

jongere by ‘De fleanende bal’, sa at de biljertferiening hjit. “Ik weet eigenlijk niet waarom ik de enige jongen hier ben. Misschien omdat ik een van de weinigen van mijn leeftijd ben die nog in het dorp woont. De meeste jongeren vliegen uit. Ik heb het hier nog prima naar mijn zin en vind biljarten een leuke hobby.”



Tjerk Bootsma



HALBE’S BILJERTTIPS

- Foardatst spilest, set earst in pear stappen achterút. Sa hast goed oersicht op it spul.
- Tink nei oer dyn taktyk, wat wolst berikke?
- Tink twa stappen foarút. Wêr moatte de ballen hjirnei lizze en wat is dêr foar nedich?
- Hâld dyn hân plat op’e tafel en meitsje in rûntsje fan dyn wiisfinger en tomme, sa hast de bêste grip.
- Foar minsken dy’t rjochts binne: Hâld dyn rjochterearm yn in hoek fan njoggentich graden. Hâld de keu ûngefear tsien sintimeter fan it ein beet. Foar loftshandigen jildt itselde foar de lofterearm.
- Soargje datst net yn’e keu knypst, hâld him losjes fêst.

IEN GRUT HÛS
Dat de jongerein it doarp ferlit falt ek Tjerk Bootsma op. “De skoalle is ticht en derneist komt der ek net folle frij. De minsken dy’t hjir wenje, bliuwe allegear. En der wenje op it stuit ek folle minsken allinnich. It liket my wol gesellich at der wat mear jonge minsken nei Kûbaard komme. Ik tink der wolris oernei om ús stâl om te bouwen ta ien grut hûs wêr’t ferskillende minsken tegearre wenje kinne. Mei in folkstún wêr’t elkenien mei-elkoar wurket. Dat liket my moai.”

TEGEARRE KOMME WY DER WOL
De sfear dy’t Tjerk omskriuwt is ek de sfear dy’t der hjir yn it doarpshûs hinget. Jong en âld mei mekoar, in groepsgefoel. Monique Verbruggen komt nei my ta. Sy komt hjir net om te biljerten, mar om foto’s te meitsjen foar de webside. “We willen de site vernieuwen en ik heb die taak samen met Simon – mijn man – op me genomen. Het idee is dat we straks met z’n allen de site gaan vullen. Ik heb nog niet veel verstand van hoe je een website maakt. Maar samen komen we er wel.”

En dat soe samar de liifspreuk wêze kinne foar de Kûbaarders. “Tegearre komme wy der wol!”